

Op wurkbesite by Bouwschoon yn de Fûgelwyk **“Sy hawwe wol in kontrakt tekene hear”**

Troch Marije Postmus

Yn de Fûgelwyk wenje in soad gesinnen mei jonge bern. It is dêr altyd in kommen en gean fan trekkers, skelters en fytsen. Mar wat jo der net in soad sjogge, is rotsoai. En dat hat alles te krijen mei it bedriuw dat him dêr fêstige hat en dat begjin maart it 1-jierrich bestean fierde. Bouwschoon is de namme, mei earste baas Roan Terpstra en twadde baas Marèn Brouwer.



*Boppestê rige: Dorian Tacoma, Ids Politiek, Marèn Brouwer, Wybren Politiek
Foarôan: Roan Terpstra en Redmer Politiek*

In ôfspraak by de mannen wie gau regele. As it heal kin en sy hoege net te sporten of nei de opfang ta, dan binne de mannen yn tou. Roan (8 jier) fertelt: “It is begûn doe’t ik en Wybren tegearre in eigen bedriuw begjinne woene. Ik woe graach bouwe en Wybren skjinmeitsje.” Wybren Politiek (8 jier): “Ja en doe tochten wy, dan dogge wy Bouwschoon. Want wy dogge no in bytsje fan beide. Mar yntusken dogge wy ek folle mear.” Oan tafel sitte ek noch Ids Politiek (7 jier), Marèn Brouwer (8 jier) en Redmer Politiek (8 jier) en Dorian Tacoma (9 jier). It is in drokte fan belang, want de mannen wolle alles fertelle.

Wat docht Bouwschoon?

As jo tinke dat de wurksumheden allinnich mar bouwe en skjintmeitsje binne, dan binne jo dêr mis mei. “Wy dogge echt fan alles. Gersmeane bygelyks. Minsken lizze it gers by de stoepe, sadat harren konteners net sa fol wurde.” Bouwschoon ferwurket dat dan. “Wy hawwe yn jannewaris de minsken fan de gemeente holpen mei de krystbeammen. Wy hiene alle krystbeammen sammele, dat sadwaande hiene de mannen fan de gemeente der minder wurk fan. Wy hawwe doe € 5,- krigen. Dat jild sit yn de Bouwschoon-pot. Fan dat jild keapje wy nij ark en letter ús eigen frachtauto’s en sa. Wolst ek sjen hoe’t it der letter út komt te sjen?”

De map

Efkes gau nei hûs ta om de Bouwschoon-map op te heljen. De map bestiet út de kontrakten, makke troch earste baas Roan Terpstra. “Ja, ik bin de earste baas omdat ik it betocht haw mei Wybren. Mar Wybren woe gjin twadde baas wurde dus no is Marèn twadde baas. As baas moatte je soms ek strang wêze.” Wybren lit my de plannen sjen foar de takomst. “Do sjochst no ús loads en ús

frachtauto’s. Oer it merk binne wy it noch net iens. Do kinst hjir sjen wêr’t al ús kranen ensa komme.” De mannen hawwe grutte plannen, der komt sels in drone. En der is ek in plak wêr’t de computer komt wêrmei’t sy harren wurk dwaan kinne. De earste stap is de keet, makke troch de heit van Roan. “Dêryn fergaderje wy: dan meitsje wy de planning en soms slute we der ek - by fersin - in kat yn op. Wy hawwe de keet ferve yn de Bouwschoon-kleuren giel en grien yn de loads fan Marèn syn heit. Dat fine wy gewoan moaie kleuren.”

“As ik 20 bin dan haw ik noch gjin frachtauto mar dan sykje ik der alfêst wol om”

Takomst

Ik freegje nei de moaiste klus dy’t Bouwschoon hân hat. Der komt in mapke mei allegearre foto’s foar it ljocht. It wurkjen by It Fûnemint wie in opdracht fan meester Jappie. Der leine in soad blêden op it plein en om skoalle hinne en de mannen hawwe der op in sneon en snein mei dwaande west. Meester Jappie gong spesjaal op sneon nei Wommels ta om de mannen wat lekkers te bringen. “Ja, dat wie echt leuk. Wy hiene doe soms ek wol even rûzje, mar it is wol hiel moai wurden.” En de takomst? “Ja, dan hawwe wy dus dy loads en allegearre frachtauto’s. Wy dogge dan noch altyd itselde wurk. Wy hawwe al

pennen bedrukke litten.” Op tafel leit in ûntwerp foar in shirt. “As der wer wat jild sit yn ús Bouwschoonpot dan meitsje wy dizze shirts. Mei âld en nij hiene wy drinken en appelflappen yn de keet foar de minsken dy’t op ‘e dyk wiene. Wy soene ek alle rotsoai op de Terp opromje, mar dat hienen oaren al oprêden.”

En wurkje jim letter ek allegearre by Bouwschoon? Marèn wol it wurkjen by Bouwschoon kombinearje mei it riden op de frachtauto by Simon Loos. Redmer:

“No ja, ik wol ek fuotballer wurde, dus dat wol ik earst.” Mar as dat net slagget, dan bliuw ik wol by Bouwschoon. It is echt superleuk om mei de skelter putsjes te dwaan.”



Hawwe jo ris in putsje foar de mannen yn de buert fan de Fûgelwyk? Sy binne, as it mei sport en opfang útkomt, faak yn de buert te finen. Jo witte faaks ek wol harren âlden te berikken.